

Nijjerstaspraak Kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok 5 jannewaris 2022

Goeie! Wolkom út de Steateseal yn it provinsjehûs yn Ljouwert wei.

Wa hie in jier lyn betinke kinnen dat it koroana-firus no noch hieltyd foar master opslaan soe.

Wy libje yn komplekse tiden. De spannings rinne op. Minsken en groepen steane hieltyd mear foar inoar oer yn stee fan njonken inoar. Radikale stelling nimme oan de iene kant én de oare kant de romte krije of nimme. De grutte groep yn it midden wurdt stiller... Der is minder begryp foar elkoars emoasjes, gefoelens en arguminten. Wy harkje minder en prate mear.

Fansels is elkenien koroana-wurch! Ik ek! Elkenien hat rjocht op syn frustraasjes, lilkens en teloarstellings. Mar dochs... sjoch ris nei de wrâld om ús hinne... wy binne ryk en sitte net op in terp.

De foarsitter fan de Fryske húsdokters hat it koartlyn kreas sein:
“De kunst blijft niet gefrustreerd te raken over wat er in een lock-down allemaal niet kan, maar te focussen op wat nog wel kan.”

Fryslân is in provinsje fan romte. Litte we inoar de romte jaan en de romte gunne. En omtinken hawwe foar inoar.... foar de âlderein en kwetsberens dy't isolearre driigje te reitsjen. Mar ek foar ús jongerein dy't safolle wol, mar sa'n bytsje kin. Hja binne ús takomst!

Graach wol ik ús minsken yn 'e soarch en GGD Fryslân betankje foar harren geweldige ynset. Al twa jier wurkje sy harren in slach yn 'e rûnte; sy fertsjinje ús wurdearring en respekt. Koartlyn hie ik op 'e nij yn petear mei minsken út de soarch. It is hast net te leauwen wêr't sy tsjinoan rinne yn dizze tiid.

Ek sterkte foar de middenstân, de hoareka en benammen de kulturele sektor. Krekt yn dizze tiden hawwe wy ferlet fan ferbylding en ferwûndering. It is pynlik te sjen dat by de buorlju yn België de kulturele sektor by de ferskate lockdowns wol iepen bleaun is. It is hast net út te lizzen dat de Raad van State by ús buorlju in sluting “buitenproportioneel” fynt.

It nije kabinet wol in nij Nacionaal Museum realisearje. Neffens my hawwe wy dêr gjin ferlet fan. 61% fan de musea yn Nederlân omskriuwe harren sels as histoarysk museum.

Yn Fryslân hawwe wy sels de heechste museumtichtheid. Neffens my hawwe wy mear ferlet fan nije foarmen fan gearwurking tusken keunstners en ynstellings. Foaral: jou romte foar de keunst! Kultuer kin helpe antwurden te finen en is elemintêr foar maatskiplike gearhing yn ús provinsje. Ik mis yn dit tiidrek Joop Mulder... 51 wike lyn hommels ferstoarn. Wy bliuwe tankber foar wat hy foar de kultuer yn Fryslân dien hat.

Nettsjinsteande sjoch ik it nije jier posityf yn 'e mjitte... Want stadichoan giet it de goeie kant op. De boosterkampanje is op gong kommen. En ik fiel de enerzjy en fearkrêft by bedriuwen en organisaasjes dy't der yn slagge binne harren oan te passen.

Fearkrêft is der ek yn 'e doarpen en stêden dêr't flechtlingen ûnderbrocht wurde. De provinsje en gemeenten fange navenant mear flechtlingen as yn trochsneed op. Ek it kommend jier sil der sûnder mis wer in berop op Fryslân dien wurde.

Alle boargemasters fan ús 18 gemeenten hawwe ree west wat te betsjutten of wolle in petear mei it COA fiere. Opfang nei aard en skaal is mooglik. De bedriuwsekonomyske oanpak fan it COA foar grutskalige opfang hat gjin takomst en ûndergraaft it draachflak yn de mienskip.

It nije regearakkoart jout perspektyf foar Fryslân. Mear as de foarige kabinetten wurdt der ynset op de provinsje en wichtige opjeften lykas klimaat, enerzjy, feangreide en stikstof. Sels Thialf is neamd!

De Fryske oerheden, provinsje, gemeenten en wetterskip sille dêrby noch mear gearwurkje. Mei-inoar foar Fryslân! Ek sille wy oan 'e slach mei de fierdere útwurking fan de Lelyline en nije regiodeals meitsje.

Dêrby meie wy net ferjitte dat de Lelyline gjin doel op himsels is, mar in wize om de ekonomy en leefberens fan ús provinsje in ympuls te jaan. Berikberens is in rânebetingst foar groei. Groei is nedich om de leefberens te behâlden.

Ek wat it ferbod op de gasboarrings op it Waad oanbelanget is der perspektyf. Datselde jildt ek foar de kabel by Skier.

Wynenerzjy op see is prima mar ús UNESCO wrâlderfguod moatte wy net fergrieme!

Yn myn nijjerstaspraak fan twa jier lyn haw ik sein dat de lânbousektor, dy't yn ús mienskip woartele is takomst hat as wy harren ek de romte jouwe. It nije kabinet krijt twa ministers fan lânbou. Moai... as dat mar gjin ekstra regeldruk betsjut en beheining.

Yn Fryslân moat der romte bliuwe om boer te wêzen en te bliuwen. Hja leverje de bêste produkten, binne ekonomysk fan belang en ek wichtich foar de sosjaal maatskiplike struktuer.

It betrouwen yn de polityk en de oerheid steane der lanlik net fleurich op. It geharrewar rûnom de gasboarrings yn Grinslân, de taslagge-affêre en de fierstente lange formaasje hawwe de kleau tusken boarger en polityk en bestjoer fergrutte.

Yn Fryslân leit it der wat oars hinne, mar ek wy moatte kritysk wêze op ús hanneljen. De belutsenens fan de ynwenners by polityk en bestjoer moatte wy ferbetterje. Under oare mei in digitaal partisipaasjeplafform.

It ôfrûne jier fierden wy it 125-jierrich jubileum fan de Steateseal en waarden de doarren wiid iepenset foar de bûtenwrâld. Der wiene gearkomsten fan pleatslike belangen en oare organisaasjes, sels in trouwerij en ek it earste ljipaai is hjir oanbean.

De Steateseal wie it ôfrûne jier folle mear as in gearkomsteplak fan provinsjale polityk allinnich. It groeide as plak yn ferbining mei de mienskip. Ik set my derfoar yn om dat dit jier fêst te hâlden.

Litte wy ús yn dizze drege tiden net weromlûke op ús eigen terp, yn ús eigen wierheid mei ús eigen feiten. Sykje kontakt en haw each foar inoar.

Yn 2021 hiene wy de betinking fan 70 jier Kneppelfreed. Yn novimber 1951 is de basis lein foar de ferankering fan ús taal. Mear as by de betinking fan 20 jier lyn, wie der omtinken foar de takomst en posysje fan it Frysk.

Mar njonken Kneppelfreed wiene der mear wichtige mominten foar de taalemansipaasje.

25 jier foar Kneppelfreed hie pater Titus Brandsma in Frysktalige preek by de earste nasjonale Bonifatiusbeafeart yn Dokkum.

Brandsma pleitte doe al foar taalûnderwiis yn it Frysk. Hast 100 jier lyn dus... Hy wie syn tiid fier foarút.

Op it mêd fan it Frysk, de parsefrijheid en mear... Hy is neffens my de grutte Fries fan de 20^e iuw. Yn syn striid tsjin it ûnrjocht hat hy de heechste priis betelle.

Titus hat der altyd fan oertsjûge west dat de leafde alles oerwinne kin... Hooplik wurdt Brandsma fan 't jier hillich ferklearre.

Ik winskje jo in soad ferwûndering, sînens en, fanút it gedachteguod fan Titus, leafde ta yn it nije jier.